



DAT DROMMELSKE MATSJE

(Het drommelse matje)

Klucht yn trije bedriuwen

Fan

HERMAN THOLE

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DAT DROMMELSKE MATSJE – HET DROMMELSE MATJE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **HERMAN THOLE** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2020 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

JOCHEM OSSEKOP - heit

BETSJE - syn frou

SONJA - harren dochter

TRYN - ynwenjende suster fan Jochem

FRITS GEINSTRA - freon.

HANS - frijfeint, broer fan Frits

TRUI - frou fan Frits

PETER - kunde fan Sonja

4 manlju en 4 froulju.

DEKOR:

In ienfâldige wenkeamer. Net te swiere meubels. In pear skilderijkes oan de muorre. Tsjin de achtermuorre stiet in teekastke mei servys en glêzen, achter doarkes is noch berchromte.

TIIDPAAD:

Earste bedriuw - sneontemoarn

Twadde bedriuw - sneontejûn

Tredde bedriuw – sneontejûn, in wike letter

EARSTE BEDRIUW

(it is sneontemoarn. Betsje sit oan de tafel te ierappelskilen. Frits komt op fan rjochts. Hy is in fleurige keardel en klaaid yn in overal. Hy stiet achter Betsje)

FRITS: *(lûd)* Hoi, Betsje!

BETSJE: *(sjocht net om)* Och do healwize... Jochem is der net.

FRITS: Aha, dy leit fansels noch op bêd te snoarkjen. Ja, it is juster mar wer in lette boel wurden.

BETSJE: Rommelmerk.

FRITS: O ja, sneontemoarn, fêste prik foar Jochem. De rommelmerk en it buorreltsje yn 't kafee.

BETSJE: Fergemy, dy sûperij ek altyd. Ik ha neat op in buorreltsje tsjin, mar lit him dat thús dwaan. Is 't yn 't kafee dan lekkerder?

FRITS: No ja, gesellich kin 't der wol wêze. Wy ha justerjûn wat ôf lake, tsjonge jonge.

BETSJE: Sûpt, sis dat mar. *(noartsk)* Wat hast op 'e lever?

FRITS: Ik ha justerjûn mei Jochem ôfpraat dat ik syn auto neisjen soe.

BETSJE: Hast ek al ferstân fan dy dingen, Frits?

FRITS: Ja hear, wat auto's oangiet meitsje se dizze jonge neat mear wiis.

BETSJE: De auto rint net goed nee. Hy prottelt en knalt ûnder de motorkap en der sit gjin gong mear yn.

FRITS: De karburateur.

BETSJE: Seit my gjin donder.

FRITS: Hoecht ek net, húsfreon makket it wol even, wêr stiet er?

BETSJE: Yn de garaazje. *(stommeljen achter)* Dat sil Jochem wêze. Dy kin dy it bêste sizze hoe healwiis at dy auto docht.

FRITS: No, justerjûn wist hy oars net te sizzen as dat de motor in bytsje pof pof sei, mar gjin sintimeter fan 't plak kaam.

JOCHEM: *(fleurich op. It is in wat stiif en flodderich klaaid mantsje. Under de earm hat er in oprôle matsje)* Wat donder, dêr silst Frits al ha.

FRITS: Moaie maat ha ik. Sit ik de hiele jûn mei dy yn 't kafee, mar noait hear ik wat oer dy rommelmerk. It liket my ek wol aardich om es tusken dy âlde spulstjes om te sneupen.

BETSJE: Och wat is dat moai net? Om dyn noas tusken al dy moassige dingen te stekken. Minsken dy dat dogge fyn ik ek stoffich en moassich.

JOCHEM: *(nitelich)* Ja, soks moatsto noadich sizze Betsje.

FRITS: No, hoe liket it, hast al in Rembrandt op de kop tikke?

JOCHEM: *(entûsjast)* Gjin Rembrandt, mar wol wat hiel bysûnders.
(rôlet in matsje út. It is fealgjel en oan 'e kanten raffelich) Sjoch es.

FRITS: *(knypt hastich de noas ticht)* Fris dinkje. Bliuw mar út 'e buert mei dy murd. Tsjong, wat stjonkt dy fodde sis.

BETSJE: *(komt oerein en lit de eagen mei ôfgriis oer it matsje gear)*
Wat betsjut dit Jochem Ossekop?

JOCHEM: In matsje. Ik sei al, in bysûnder... eh... matsje.

FRITS: Ja, fertel my wat.

BETSJE: Ik ha fan syn levensdagen noch noait sa'n goar en skeamel ding sjoen.

FRITS: Sis Jochem, hoe bysûnder is dat lapke eins.

JOCHEM: It is makke fan hier fan de Sibearyske beamkrûpslak. Fierder is it ferweve mei hier fan de Arabyske prinses Soleima út Bagdad.

FRITS: *(rint foaroer mei de hannen op it liif it toaniel op en del)* Oe ha, ha, ik laitsje my stikken... ik smoar... it hier fan de Sibearyske beamkrûpslak...!

BETSJE: Ik ha noch noait fan sa'n bist heard. *(rint snuwend om Jochem hinne)*

JOCHEM: Nee Betsje, ik ha gjin buorrel hân. Hum... de Sibearyske beamkrûpslak is al yn it begjin fan dizze ieu ferdylge fanwegen syn prachtige hier.

FRITS: *(hapt nei de siken)* Hâld op man. In slak mei hier...! *(laket 'm slop)*

JOCHEM: O, krûp do mar es neaken yn Sibearië om.

BETSJE: En dan hiest it noch oer in prinses.

JOCHEM: Prinses Soleima. Dea makke troch har hertstochtlike frijer.

FRITS: Fermoarde?

JOCHEM: Jaloerskens. Suver út jaloerskens delstutsen.

BETSJE: Silsto noait dwaan no Jochem?

JOCHEM: Dit gebeurde yn Bagdad in hiel soad jierren ferlyn.

FRITS: *(hat noch altyd wille)* Do hast tefolle boeken lêzen fan tûzen en ien nacht jonge.

JOCHEM: Dy merkekeapman sei it sels en it like my in earlike keardel ta.

BETSJE: En yn dat matsje is hier fan dy Arabyske prinses ferwurke?

JOCHEM: Sa is 't frou.

FRITS: Do hast in slach fan de moalpûde hân jonge. *(laket wer)*
Prinses Su... So... hoe hjitte se ek al wer?

JOCHEM: Soleima.

BETSJE: Ik set de ierdappels op. *(wol links ôfgear mar komt werom)*
Eh... Jochem, do smytst dy fize lape wol yn de kontener no! *(ôf)*

FRITS: Ik leau, dat dyn frou net sa'n hege mûtse op hat fan dyn nijste oankeap jong.

JOCHEM: *(rint nei de linkerdoar en sjocht dêr achter oft der ek immen harket en giet hiel fertroulik neist Frits stean)* Dit matsje beskikt oer magyske krachten.

FRITS: Wat seist my no Jochem? Magyske krachten?

JOCHEM: *(rint noch es nei de doar links en sjocht of der immen harket. Dan wer fluch by Frits)* Op it mêd fan de leafde Frits.

FRITS: Do hast doch gjin leafdesproblemen wol Jochem?

JOCHEM: *(sjocht Frits erchtinkend oan)* Hat Betsje wat loslitten yn dy rjochting?

FRITS: *(ûnwis)* No... ja... eh... ja... wy ha niis in hiel iepen petear hân oer...

JOCHEM: Har leafdeleven.

FRITS: Oer dingen dy't net sa goed rinne.

JOCHEM: Ik hear it al, myn frou hat dy it ien en oar ferteld. No ja, wy binne al jierren freonen en hoege dus gjin geheimen foarelkoar te hawwen. Seker, it is yn ús houlik net mear sa... eh... hertstochtlik as yn 't begjin. *(sjocht noch even achter de doar links)* Harkje es Frits, ik kin merke dat Betsje in jier âlder wurd. Se falt op bêd moai hastich yn sliep, en dan is 't foar Jochem in útmakke saak.

FRITS: Do giest frijút?

JOCHEM: *(sjocht Frits erchtinkend oan)* Sei se soks?

FRITS: Nee, do stelst dy oan as in djoeiende bolle yn 't lân sei se.

JOCHEM: Leaf fan har om soks te sizzen, mar... eh...

FRITS: Se falt tige hastich yn sliep?

JOCHEM: Dêr sit him de kneep jonge. *(hâldt it matsje omheech)* Dit matsje kin miskien útkomst biede. *(hâldt Frits it matsje lyk foar it gesicht)* Sjoch goed nei dat hier...! Sjochst wol...

FRITS: Doch dat stjonkende ding foar myn noas wei!

JOCHEM: Dit matsje ropt neffens dy keapman sensuele dreamen op. Do moatst dan wol yn direkt kontakt stean mei dit matsje, der op sitte of lizze.

FRITS: Dus do seist aansen tsjin dyn Betsje: Gean es op dat matsje sitten leave, dan kinst lekker dreame fan Hâns en Grytsje op 'e heasouder.

JOCHEM: Dêr trapet Betsje noait noch te nimmer yn. Nee, dizze slimme foks...

BETSJE: *(op)* Sa de ierappels stean op. Leit dat fize ding al yn de kontener, Jochem?

JOCHEM: Eh... nee... dêrfoar is dat matsje in lyts bytsje te djoer.

BETSJE: Djoer? Hast ek noch wat foar dat goare ding betelle?

JOCHEM: Eins wie 't fergees. Do moastst wol betinke...

BETSJE: Hoefolle is fergees?

JOCHEM: No, yn elts gefal goedkeaper as ús dokter en al syn medisinen.

BETSJE: Wat hast foar dy fodde delteled Jochem?

JOCHEM: Dit matsje is goed tsjin de rimmetyk, dêrom ha ik it kocht! Do hast ommers lêst fan rimmetyk? No, do giest even op dat matsje sitten en fuort is de pine. Dy hierkes fan dy Arabyske...

BETSJE: (*raast*) Wat kostet it?! Draai der net omhinne man!

JOCHEM: Dit wie it ienige matsje dêr't it hier fan dy prinses... (*Betsje pakt de blomfaas fan de tafel, skuort de hast wilige blommen der út en driget Jochem mei it wetter út de faas*) Mar hûndert euro skat.

FRITS: (*hat mei in protte wille it petear tusken Jochem en Betsje folge*) In habbekrats.

BETSJE: (*stammerjend*) Seisto... seisto hûndert euro? Foar sa'n smoarch fiis fodsje hasto hûndert euro delteled?

JOCHEM: It is net allinne goed foar de rimmetyk mar ek foar... eh... Sjoch wyfke, do wurdst op dat matsje wer jeugdich en boartlik...

BETSJE: Aha, dat is it! Ik moat wer jeugdich en boartlik wurde.

JOCHEM: (*feralterearre*) Do net allinne hear... Ik... eh... ik gean der daliks ek even op sitten.

BETSJE: Soe 'k fuortdaliks mar dwaan, Jochem Ossekop. (*set de faas wer teplak*)

FRITS: Liket my in goed idee Jochem, gean der es op sitten?

JOCHEM: Tsja... dan bring ik it mar werom nei dy keapman. (*sil mei't matsje ôf*)

BETSJE: (*doch ynteressearre*) Jochem, seisto niis wat oer boartlik en...

FRITS: Frivoal.

BETSJE: Soe dat matsje werklik...

JOCHEM: Jawis. Ik bin hielendal net byleauwich, mar tink mar es oan hoefizers en it getal trettjin. Dit matsje stjoert krachten út. Soms hearst stimmen om dy hinne, dan praat dy prinses mei dy.

BETSJE: (*earnstich*) Hoe witsto dat allegear?

JOCHEM: Sei dy merkkeapman.

FRITS: Oan útspraken fan dy minsken meist net twivelje Betsje.

BETSJE: (*hoeden*) Faaks soe 't wat wêze foar dyn suster Tryn.

JOCHEM: Dy is al fierste fier hinne.

FRITS: Ik soe sels ek noch yn dat matsje leauwe, at Tryn dêrtroch ek mar in knikje ûntteie soe.

BETSJE: Ik woe doch sa graach dat Tryn it hûs es útgong. Se kin doch net har hiele leven hjir bliuwe Jochem?

JOCHEM: It is myn jongste suster en yn dit hûs geboaren. Ik kin har net samar op 'e dyk sette. Mar watfoar beanestôk soe har no noch ha wolle?

BETSJE: Ik ha altyd noch de hope dat dyn broer Hans noch es op har bite sil.

FRITS: Hans? At dy in frouljusskoech sjocht wurdt er al deabenaud.

BETSJE: Hy is wol hiel ferlegen, mar oars wol in leuke fint.

FRITS: By de froulju is er noch stiver as in stokfisk. (*tsjin Jochem*) Dêr is dyn suster Tryn noch in glysterich ieltsje by.

TRYN: (*op. Hiel stiif, ek yn de klean*) Goeie.

FRITS: (*as Tryn*) Goeie.

TRYN: (*toanleas*) O, Frits.

FRITS: (*lyksa*) O, Tryn.

BETSJE: Gean doch sitten Tryn. (*Tryn wol ergens oan tafel sitten gean*) Wachtsje es Tryn, ik sil even dy stoel ôffeie. Frits hat der opsitten mei syn fize...

FRITS: (*wynt him op*) No moatst doch wol even om dyn wurden...

BETSJE: (*finger op lippe*) Ssst. (*raamt Jochem it matsje út 'e hannen en leit it op skjinfage stoel*) Gean no mar sitten Tryn. (*Tryn lit har sakje op de stoel dêrneist*) Stop!

TRYN: Wat?

BETSJE: Hat Frits ek op sitten.

JOCHEM: Mei syn fize poepert.

FRITS: Do moatst dyn grutte flap net te fier iepenskuorre jo...

BETSJE: Stil jimme! (*dan hiel minlik*) Gean hjir mar sitten berntsje. (*wiist op stoel dêr't it matsje op leit*)

TRYN: (*drûch*) Dogge jim stuolledûns? (*sjocht it matsje lizzen*) Wat is dat foar giels?

BETSJE: Skjin.

TRYN: (*sakket yn de stoel*) Hè ju.

BETSJE: Dat sit lekker net fanke? (*elkenien sjocht yn spanning nei Tryn*)

TRYN: (*drûch*) Is der wat?

FRITS: Neat.

BETSJE: Nee hear, neat.

JOCHEM: Nee, nee, nee, hielendal neat. (*Frits rint no út daagjend troch de keamer*)

TRYN: (*sjocht nochteren nei dat gedoch*) Wat rinsto raar Frits.

BETSJE: (*mei hope*) Sjochst wat nuvers oan Frits?

TRYN: Sjogge jim dat dan net?

JOCHEM: Nee, net sa direkt.

TRYN: Dy fint rint lykas in dressearre bear yn it sirkus.

BETSJE: (*blierkjend*) Datst dat sjochst bern.

JOCHEM: No, ha ik tefolle sein?

BETSJE: Ik stean fersteld.

FRITS: (*sjocht nei Tryn*) Joehoe...! (*Tryn komt hastich oerein en rint lilck de keamer út. Frits entûsjast*) It wurket, dat matsje docht it!

JOCHEM: Hie 'k doch al sein? Dat matsje strielet magyske krachten út.

FRITS: Ik bin folslein fan 't hynder. Wat Tryn yn de ôfrûne tsien jier net opfallen is, sjocht se no yn twa minuten.

BETSJE: Soe 't no wier oan dy smoarge fodde lizze?

JOCHEM: Jawis, wat oars?

FRITS: Wy wiene tsjûge fan in echt wûnder. Tryn hie 't yn rekken dat ik nuver rûn.

BETSJE: Hoe'tst dêr ek hinne skoffelest, sels in deade roek wie der kjel fan wurden.

JOCHEM: (*tefreden*) Dus Frits, do leaust no ek yn de krachten fan dat matsje?

FRITS: Ja..eh... ik moat no wol, mar yn slakken mei sok lang hier leau ik net. (*Sonja en Peter op. Sonja is in floatich typke en is dêr neffens ek klaaid. Peter is it tsjinoerstelde dêrfan*)

SONJA: Hoi. Tsjonge wat in drokte hjir en dat op sneontemoarn. Normaliter om dizze tiid is it hjir sa rêstich as nacht om tolve oere op it tsjerkhôf.

FRITS: (*mei fingerke yn loft*) Pas mar op fanke, dêr kin 't ek knap drok wêze. Lêstenjûns rûn ik let lâns it...

PETER: (*ferfeelsom*) ...Tsjerkhôf en dêr seachst boppe de grêven in dizich skynsel en in wyt figuer sweven.

SONJA: Ja. dat spoekferhaal kenne wy sa stadichoan no wol Frits.

FRITS: Bêst, leaust it net. It sil trouwens de earste kear net wêze dat minsken dy't de gek ha mei it boppenatuerlike de klappen thús krije.

PETER: Jo hâlden en dragen is wol bysûnder primityf at je yn spoeken leauwe.

SONJA: (*smyt de jas oer de leuning fan de stoel dêr't it matsje op leit*) O, ik kin wol es genietsje fan sa'n nearzich ferhaal.

BETSJE: (*mei argewaasje*) Sonja hingje dyn jas op 'e kapstôk, wat bisto in rûchhouwer.

SONJA: (*giet ynienen op stoel mei it matsje sitten*) Peter en ik stappe sa wer op. Wy wolle ús útset útwreidzje mei in prachtich breed bêd. By meubelsaak Reidinga stiet in dream fan in...

JOCHEM: Boppe op souder stiet noch in hiel goed twapersoans Sonja.

PETER: (*noas yn de loft*) Wy wolle gjin healsliten guod. Sonja en ik wolle alles yn 't nij, is 't net sa Sonja?

BETSJE: Spitich dat dat bêd der no samar stiet.

FRITS: In bêd is in bêd, sliepe kinne je op alle bêden.

SONJA: Sliepe ja, dat sille wy wol roaie, mar Peter en ik tinke oan mear dingen as allinne mar sliepe.

PETER: Hin? Hoe bedoelst dat, famke?

BETSJE: Ho, sa kin 't wol ta.

SONJA: No wy it doch oer it bêd ha, Peter giest mei nei de souder?

PETER: *(sjocht har ôfkeurend oan)* Wy tegearre nei de souder?

FRITS: Ik wol dy wol ferfange, Peter.

SONJA: Ik wol gewoan graach dat bêd út probearje.

PETER: Ik gean net mei.

SONJA: Och heden, wat is dit no spitich. Ik hie dy sa graach as Adam sjen wollen.

PETER: Sonja, bedimje dy asjebleaft.

FRITS: Ik moat sizze dat Sonja in frivoale yndruk op my makket. Sa gleo..

BETSJE: Ik skamje my dea.

SONJA: *(dreamerich)* Ik sjoch dy sa foar my stean leave. Dyn breed hierrich boarst, dyn... dyn...

PETER: Sonja, hâld op!

BETSJE: Wat in praat.

JOCHEM: Sa ha wy dy net grutbrocht famke.

PETER: Sa ordinêr, nee.

SONJA: Skouders as skoften... billen as in bollekont...

BETSJE: *(slacht hân foar de mûle fan Sonja. Tsjin Peter)* Jim ha oan 'e drank west.

PETER: Gjin drip. Wy ha inkeld mar winkele en doe wie se net sa.

BETSJE: Sonja, do hâldst de kaken op elkoar ferstien! Ik set in kanne sterke kofje. *(hân foar de mûle wei en hastich ôf)*

FRITS: *(tikket Jochem op de skouder en wiist op it matsje op de stoel fan Sonja)* Matsje!

JOCHEM: *(kjel)* Ferhip, ja...

SONJA: Ik fiel dy as in hierrige slak oer my hinne krûpen, fia de nekke en de boarsten nei de nâle...

JOCHEM: *(wiist ûnder de stoel fan Sonja en raast)* Spin!!! *(Sonja komt mei in gjalp oerein en springt mei de hân foar 't gesicht op in oare stoel)*

FRITS: *(sjocht ûnder de stoel)* Poe, wat in grou bist!

SONJA: Peter, doch wat!

PETER: Brrr. Ik kom net oan spinnen. *(Jochem pakt it matsje fan de stoel en giet hastich ôf)*

FRITS: Och, sa'n spintsje. *(hellet bûsdoek út de bûse en pakt sabeare*

de spin) Dy bring ik wol even nei bûten. (*mei de optearde bûsdoek foar him út ôf*)

SONJA: (*wer fan de stoel*) Bah, ik griis fan spinnen, it binne aaklike bisten.

PETER: Do wiest krekt ek ysbaarlike aaklik.

SONJA: (*laket har slop*) Ik hat net mear... dat matsje!

PETER: Matsje? Wêr hast it oer?

SONJA: Dy giele lape dêr't ik niis op siet.

PETER: Ik begryp der gjin byt fan. Do makkest dy folslein ûnmooglik. Earst dat fulgêre gedoch oer dy bolle... eh... en no sangerst oer in giele lape, in matsje.

SONJA: Makke fan't hier fan de Sibearyske beamkrûpslak.

PETER: (*stoarret har ûnnoazel oan*) No ja... do dwilest noch mar wat troch soe 'k sizze. Ik gean nei hûs. (*nei de doar*) In Sibearyske beamkrûpslak.

SONJA: Utstoarn.

PETER: Do moatst nei dokter. Do bist stapelgek. Oant jûn. (*sil ôf*)

SONJA: Wachtsje Peter! Ik kin der wol ynkomme datst sa regearrest op myn nuver gedrach. Ik sil besykje gewoan te dwaan. Dus dat giele matsje is dy net opfallen?

PETER: Ik wit net wêr'tst it oer hast, Sonja.

SONJA: Doe't wy fanmoarn oer de rommelmerk rûnen seach ik yn in kreamke in matsje lizzen. Do wiest by dy âlde grammofonplaten oan 't sneupen. Omdat it sa'n aaklik ding like prate ik der mei dy keapman oer. Hy woe 't matsje fansels graach slite en hy fertelde my (*laket*) dat dat matsje leafdesproblemen oplosse koe.

PETER: Wat?

SONJA: Stil no Peter. Dat matsje hie neffens dy keapman boppenatuerlike krachten. Hy sei: "Atst der op sitten giest krigest eroatyske dreamen of sa".

PETER: Bespotlik.

SONJA: Nei folle ôftingjen mocht ik it meinimme foar fyftich euro. Dat wie my fierste djoer. Kinst dy foarstelle hoe raar 't ik opseach doe't ik niis krekt itselde matsje hjir yn dy stoel lizzen seach?

PETER: Ja, hoe komt dat matsje hjir yn 'e hûs?

SONJA: Krekt. Heit of Frits moat it kocht ha.

PETER: En doe'tst dat matsje op dy stoel lizzen seachst tochtste: Kom ik sil es útfine oft it allegear wol útkomt wat dy merkkeapman sei.

SONJA: Dêr bin ik te nochteren foar Peter.

PETER: En doch bist der op sitten gien en diest ek noch idioat.

SONJA: Ik makke in grapke jonge.

PETER: Dat soarte fan leech by de grûn grapkes hâld ik net fan.

SONJA: Spitich foar dy Peter, mar ik hâld der tafallich wol fan en ik bin fan doel om der in protte grapkes oer te meitsjen. Tink der mar om, wy krije noch in soad wille.

PETER: Mar dan wol sûnder my, Sonja. Ik skamme my niis al genôch om dyn hâlden en dragen.

SONJA: *(systert)* Do bist somtiden sa stiif en... en sa fatsoenlik. Mar klear, goed jonge, atsto der gjin nocht oan hast om mei my de boel hjir wat op te fleurjen, meist dy wol ôfjaan.

PETER: *(delbêdzjend)* Kalm no mar, in lyts bytsje wille is op syn tiid wol aardich, mar der binne grinzen en dêr winskje ik net oerhinne te gean. Mar wêr is dat matsje eins bleaun?

SONJA: Heit hat it fan de stoel skuord en meinommen. Atst it my fregest, hat heit dat matsje kocht. *(laket wer)*

PETER: Hy moat der mar in protte wille oan beleve. Giest mei nei dy meubelsaak Sonja?

FRITS: *(laitsjend op fan rjochts)* Sa, it spintsje spint al wer yn syn web.

SONJA: Reitsje mar net yn dat web fertize Fritske.

FRITS: *(slacht him op it boarst)* Dizze tûke jonge rekket yn gjin inkelde web fertize fanke! *(jout Peter in klap op 't skouder)* Sa jonge, do silst foar dyn doke in bedsje opsykje? Nim in breiden, silst in soad wille fan ha.

SONJA: Do kinst it witte, Frits.

FRITS: *(erchtinkend)* Wat bedoelst mei: do kinst it witte?

SONJA: Och men heart yn keuken wol es wat no. Fan dyn frou Trui en sa.

PETER: Och Frits, Sonja is fanmoarn wat út har dwaan. Nim it har mar net kwea ôf.

SONJA: *(narjend)* Dy Frits. *(laitsjend)* Do moatst es witte wat ik wit. *(sleept Peter mei nei de doar)* Wy sille ús nestje útsykje, in grut skommeljend wetterbêd. *(lûkt Peter mei ôf)*

FRITS: Brrr, in wetterbêd.

JOCHEM: *(op. Hy hat it matsje ûnder de earm)* Ah Frits, bist dêr noch? No leaust it wol tink?

FRITS: *(noch wat nitelich)* **Wat** moat ik leauwe?

JOCHEM: Dy bysûndere krachten fan dat matsje fansels.

FRITS: Och kom Jochem. Dat is gewoan in fersliten matsje, seit my fierder gjin moer.

JOCHEM: Do hast it sels sjen kinnen. In ferhurde frijfaam as ús Tryn dy't allinne mar oan iten en drinken tinkt, giet op dat matsje sitten en sjocht daliks datsto der kwierich by rinst. Us dochter Sonja, dy't der wol foar oppast noait ûnearbere opmerkingen te meitsjen giet op dit matsje sitten en fuortendaliks komme der wurden as kont... en... eh...

bollekont oer har lippen. Seit dy dat neat?

FRITS: No en, wat wolst dêrmei sizze?

JOCHEM: Ik hie sa tocht, faaks is sa'n matsje wol wat foar dyn frou Trui. Ik miende al es heard te hawwen...

FRITS: Do wolst dat goare ding kwyt hin Jochem?

JOCHEM: Ik soe it graach hâlde wolle, mar... eh... Betsje. Betsje is bang wurden. Sy wit net hoe't se mei boppenatuerlike krachten omgean moat, dat is 't.

FRITS: En no wolst it oan my slite. (*Trui is opkommen sûnder dat Jochem en Frits dit murken ha. Trui is in bazich type*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto